



## Kritenijs Nijsbrief Krite Grou – july 2020

### Gefolgen corona foar Kriteprogramma 2020-2021

Fanwege de corona-krisis hat it Kritebestjoer mei pine yn it hert besletten om alle foarstellingen oant jannewaris 2021 te skrasen of út te stellen, ynklusyf it Kritetoaniel yn jannewaris. Wy hiene it programma sa goed as klear, mar troch de 1,5 m-maatregel kinne we te min besikers ûntfange. Allinnich de jiergearkomste op tongersdei 1 oktober 2020 by Oostergoo giet troch. Nei it skoft sil Auke Zeldenrust dan it bysûndere ferhaal oer in Joadske brulloft út 1939 fertelle.

As de situaasje it talit leit der foar de earste moannen fan 2021 in moai programma foar jim klear. It jeugdtoaniel en it kofjekonsert mei Grytz & Grize moasten yn maart 2020 op it lêste momint ôfsein wurde en wurde trochskood. De al ferkochte kaartsjes bliuwe jildich. Wy hoopje tige dat RUG op 17 jannewaris en Inez Timmer op 12 maart trochgean kinne, mar as de ôfstân fan 1,5 m dan noch jildt, sille we se útstelle moatte. Fierder sykje we noch nei in oanbod dat net ôfhinklik is fan de 1,5 m. Hâld ús [webside](#) yn de gaten en dan spesjaal de rubryk [Nijs](#). Kriteleden wurde ek fia de mail op de hichte holden.

Allegear in goeie simmer, bliuw sûn en graach oant sjen by de Krite!

### Wat kin no net trochgean en hâlde jim tegede?



*Grouster talinten*

Foar de jeugd fan 6 o/m 12 jier stie yn de hjerstfakânsje in **Grouster talintejûn** op it programma, dêr't de Grouster jonges en famkes ús mei fan alles op it podium ferrasse koene. Tink oan sjonge, gûchelje, playbacke, muzyk meitsje ensfh., yndividueel of yn groepkes. We hiene de sjuery al klear. It wurdt in jier opskood nei de hjerstfakânsje fan 2021.

Foar de folwoeksenen hiene we yn oktober **J&M Teaterwurk** mei it nije programma *Echt wier!* fêstlein. Jan en Marijke foarmje al jierren in fêst ûnderdiel fan it Kriteprogramma en kinne altyd rekkenje op in folle seal. *Echt wier!* giet oer lange relaasjes dêr't it measte wol yn sein is. Of net? In stik mei ferhalen en komyske sênes út it libben sels. We ûntfange dizze Grousters fansels graach sadree't de omstannichheden dat wer talitte.



Yn novimber soe **Tryater** nei Grou komme mei it stik *Heit en soan* (Vader en zoon), spile troch heit Joop Wittermans en soan Mads Wittermans. Yn it stik sit heit yn in âldereinhûs en hat lak oan regels en de maatskippij, de soan sit yn de faze fan de midlifekrisis. Dat smyt grif komyske sênes op. Tryater hat it in jier útsteld en is no op 3 desimber 2021 yn Grou te sjen.

Ús suksesfolle eigen produksje **RUG** (Rjochtstreeks út Grou) woene we jim yn desimber wer oanbiede. Dat ha we no ferpleatst nei jannewaris 2021. It **Kritetoaniel** ferfalt dan om't der fan't hjerst net repetearre wurde kin mei 1,5 m ôfstân. Jannewaris 2022 is it Kritetoaniel der wer.

## Wat giet wól troch yn 2020-2021 (ûnder foarbehâld fan de RIVM-rjochtlinen y.f.m. corona)

De kaartferkeap begjint 1 desimber 2020 by Jan&Japke, fia [kaarten@kritegrou.nl](mailto:kaarten@kritegrou.nl) of tel. 0566-624967. We geane derfan út dat dan dúdlik is wat al of net trochgean kin begjin 2021.

Oanmelde foar de jiergearkomste mei Auke Zeldenrust: foar 1 oktober 2020 op [info@kritegrou.nl](mailto:info@kritegrou.nl).

### Jiergearkomste mei Auke Zeldenrust oer de Joadske Brulloft

Nettsjinsteande corona giet de jiergearkomste fan de Krite gewoan troch. Dan komme ûnder oaren de jierferslaggen fan skriuwer en ponghâlder oan de oarder en fertelle we oer de plannen foar de takomst yn dizze ûnwisse omstannichheden. Fansels nimme we de RIVM-regels yn acht. Mei de 1,5 m-maatregel is der plak foar 40 minsken by Oostergoo.



Nei it skoft nimt skriuwer/sjoernalist **Auke Zeldenrust** ús mei yn syn bysûndere ferhaal oer in Joadske brulloft yn Ljouwert. Fan dy brulloft yn 1939 waard in film makke dy't mei in tal oare dokuminten yn in koffer bedarre. Dy waard pas goed 60 jier letter iepene. Auke stuite tafallich op it ferhaal fan de brulloft en de koffer en yn 2018 kaam syn boek *De Joodse Brulloft, een koffer vol oorlogsgeheimen* út, dat ek de basis foarmet foar de

teaterfoarstelling *De Joodse Brulloft*. Auke fertelt ús oer syn nijsgjirrige ûntdekking fan in stikje Joadske skiednis yn Ljouwert. Ek sjogge we de film fan dy brulloft út 1939.

**Tongersdei 1 oktober 2020 by Hotel Oostergoo.** Tagong fergees.

Jiergearkomste (leden): 20.00 oere; Auke Zeldenrust (ek net-leden): 21.00 oere.

→ Om't der mar plak is foar 40 minsken graach foar 1 oktober oanmelde op [info@kritegrou.nl](mailto:info@kritegrou.nl).  
By 2 persoanen oanjaan oft dy út ien húshâlding komme (1,5 m net nedich).

---

### Rjochtstreeks út Grou (RUG)

Freark Smink, Jantien de Boer, Lutz Jacobi en Hans Anker  
(ûnder foarbehâld fan de RIVM-rjochtlinen y.f.m. corona)



Foarich jier wie de earste RUG in grut súkses. Oansprekkende gasten en in útferkochte seal. De Krite is der op 'e nij yn slagge om trije Friezen fan kwizekwânsje nei Grou te heljen. ûnder de betûfte lieding fan Freark Smink krije we grif in tal moaie ferhalen en opfallende útspraken te hearren fan:

1. Jantien de Boer, sjoernaliste en columniste by de Ljouwerter krante;
2. Lutz Jacobi, PvdA-politika en direkteur fan de Waadferiening;
3. Hans Anker, strafpleiter, Feanfan en twalingbroer fan Wim.

Foto: Tresoar, Haye Bijlstra

**Snein 17 jannewaris 2021 om 11.00 oere by Hotel Oostergoo**

Leden: € 10,-; net-leden: € 12,50

---

## Rjocht yn 't hert – Inez Timmer en Thijs Meester

(ûnder foarbehâld fan de RIVM-rjochtlinen y.f.m. corona)

De tafel is kreas dekt, de kearsen brâne, de keamer is smûk en it hûs oan kant. Dit wurdt Eefje Teggelsma's lêste jûn en dy moat bysûnder wêze. Har favorite film komt op telefyzje en dêr sjocht se bot nei út. Noch ien kear genietsje, noch ien kear hearlik romantysk swolgje en weidreame. En dan derút stappe. Perfekt. En krekt op dat momint bejout de tv it....



Aldergelokst is de telenedtsjinst der en dy stjoere fuortdaliks harren bêste man: Freddie Pothuma. En dan komt alles oars. De grutste ferrassing; it publyk bepaalt de ûntknoping fan it stik!

*Rjocht yn 't hert*, in nije, roetswarte en muzikale Fryske komeedzje mei Inez Timmer en Thijs Meester. Oarspronklik *Midden in 's Herz* fan Angelika Bartram. Oersetting en rezjy Hans Brans.

**Freed 12 maart 2021 om 20.00 oere by Hotel Oostergoo**

Leden: € 15,-; net-leden: € 16,50

---

## Ienakters Jeugdtoaniel Krite Grou

(ûnder foarbehâld fan de RIVM-rjochtlinen y.f.m. corona)



It dekôr wie sa goed as klear, de beide Jildou's hiene in grime-workshop folge, de tekst siet der yn en der wiene al aardich wat kaartsjes ferkocht.... En doe moasten we alles ôfsize....

Ús jonge talinten sjogge der nei út om harren keunsten te fertoanen en de ienakters dy't se yn maart 2020 opfiere soene, sa gau mooglik oan jim sjen te litten. De ferkochte kaartsjes bliuwe jildich. We hoopje dat der kommende hjerst noch mooglikheden komme, mar mocht dat net sa wêze, dan wurdt it 27 maart 2021. Mocht it wól slagje, dan stiet de Krite-jeugd dy 27ste maart mei wat nijs op de planken.

**Sneon 27 maart 2021 om 20.00 oere by Restaurant Oan 't Wetter**

Leden en net-leden: € 5,-

---

## Grytz & Grize – Kofjekonsert

(ûnder foarbehâld fan de RIVM-rjochtlinen y.f.m. corona)

Troch corona in jier opskood, mar gelokkich kinne we se dochs noch wolkom hjitte yn Grou: Grytz & Grize (Grytsje Melchers en Douwe van der Werf). Op dit kofjekonsert sjonge Grytz & Grize Fryske lieten foar ús en in tal Ingelske covers. We krije ek in pear nûmers fan it projekt 'Boudewijn de Groot yn it Frysk' te hearren. Grytz & Grize wurde begelaat troch fiolist Vincent van Dam en sellist Carel van Leeuwen.



It konsert wie al útferkocht en de ferkochte kaartsjes bliuwe jildich. Wol kinne minsken har op in list sette litte foar it gefal der kaartsjes ynlevere wurde.

**Snein 11 april 2021 om 11.00 oere by Jeugdherberch Oer't Hout** (dus net by it Theehuis!)

Leden: € 10,-; net-leden: € 12,50

Bestjoer Krite Grou ([info@kritegrou.nl](mailto:info@kritegrou.nl))